



korrespondinsjeadres:
Ammerins Moss-de Boer (skriuwer)
Ingelumerdyk 20
9045 RD Bitgummole

mail:
bestjoer@skriuwersboun.nl

reachside:
www.skriuwersboun.nl

Ljouwert, 2-8-2023

Oan de Biblioteek Noard-Fryslân, Dokkum

En Boekhannel Van Der Velde Dokkum/Ljouwert.

T.a.v. Ad Peek en Paulien Schreuder

(en alle oare belutsen meiwurkers by it kommende literêr festival yn Dokkum)

Bêste Ad Peek en Paulien Schreuder,

As Skriuwersbûn fine wy it fansels prachtich dat der yn Dokkum op 23 septimber in literêr festival komt. Moai dat jimme dêr it inisjatyf foar nommen hawwe. Lykwols: wy binne bot teloarsteld oer it oanpart Fryske skriuwers. Krekt yn it Noardeasten fan Fryslân binne meardere Frysktalige dichters en proazaskriuwers dy't in ferriking foar jimme festival wêze kinne.

De Fryske literatuer kin net sûnder eksplisite oandacht. Hja is, noch folle mear as de Nederlânsktalige literatuer, ôfhinklik fan bybs en boekhannels dy't har ynsette om de Fryske skriuwerij ûnder de minsken te bringen. It Fryske skriuwen docht net ûnder foar oarstalich proaza en oarstalige poëzij. As boechbyld fan in minderheidstaal kin it lykwols net sûnder mei soarch en leafde foarm jûne promoasje en presintaasje. Jimme hawwe hjirfoar in grutte ferantwurdlikens.

Wy wolle jimme freegje yn de kommende wiken it programma nochris te besjen en oan te foljen mei mear Frysktalige auteurs. Ynformaasje en advys oer geskikte skriuwers, dichters en spoken word-artysten kinne jimme krije by bygelyks 'Boeken fan Fryslân'/Afûk (058-2343070) en Tresoar (058-7890789).

Mei Freonlike Groetnis,

Foar it Skriuwersbûn,

Ammerins Moss-de Boer, skriuwer
Willem Verf, foarsitter